



DOARPSNIJS

Nûmer 412

novimber 2017

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Piet Rienstra (secr)	Omrin 2	571866
<u>secretariaatdb@nijemirdum.nl</u>		
Hedwig Beukens	De Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Jelte Draijer	Omrin 9	571484

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@friesland.politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@fryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 30 oktober is stoarn Jappie Poepjes, hy is 63 jier wurden.

Op 10 novimber is stoarn Frou Antsje Otter-Walstra, sy is 94 jier wurden en wenne yn Balk.

BEDANKT

Hjirby tankje ik jimme foar it omtinken, yn watfoar foarm ek, nei myn heupoperaasje. It wienen sinnestrieltsjes!

Hertlike groetnis fan Akke Stoker

BEDANKT

De collecte voor Alzheimer heeft deze maand in Nijemirdum € 255,39 opgebracht. Namens de stichting heel hartelijk bedankt .

Marijke Rethans




BEDANKT

De collecte voor de Nederlandse Brandwondenstichting heeft dit jaar €288,50 opgebracht. Alle gevers/geefsters bedankt voor jullie bijdrage aan deze collecte. Griet Akke, Anneke, Coby, Marijke, Brechtsje en Janny bedankt voor jullie inzet.

Gettje en Gerda

NIJEMARDUMER BILJARTTOERNOOI LIBRÉ OPEN

Voor het negende jaar op rij wordt er weer een biljarttoernooi georganiseerd in het dorps huis van Nijemirdum. (max 96 deelnemers)



De opzet van het toernooi is om het laagdrempelig te houden en plezier staat voorop.

Zodat iedereen aan het toernooi kan deelnemen. (van jong tot oud, jongen of meisje, vrouw of man)

De deelnemers worden zoveel mogelijk op niveau bij elkaar in een poule ingedeeld. De te maken punten (caramboles) wordt berekend volgens het handicap systeem zodat

iedereen gelijke kansen heeft voor een overwinning.

Ook is het mogelijk om je als viertal voor een poule op te geven.

Het inschrijfgeld is € 10,- p.p.

Opgaven uitsluitend bij Riny Kramer tel: 06-34297141

Op vrijdag 22-12-2017 starten de voorronden om 17.00 uur en om 20.15 uur.

Op zaterdag 23-12-2017 starten de voorronden om 10.30 uur, 13.45 uur, 17.00 uur en 20.15 uur.

Op zondag 24-12- 2017 starten we om 10.30 uur met de knock-outfase.

Dus geef je zo snel mogelijk op als je mee wilt doen.

Toernooi organisatie

TOEKOMST DORPSHUIS

Op 20 september jl. is er door het bestuur van de Lokaalvereniging een avond gehouden over de toekomst van het dorps huis. Bij ieder is bekend dat Klaas en Harmke na het dorpsfeest van 2019 hun werkzaamheden in dorps huis gaan

beëindigen. De opkomst van deze avond was mooi, zo'n 60 mensen waren aanwezig en iedereen was het eens dat het belangrijk is dat het dorps huis blijft bestaan, dit kwam naar voren door de vragen die wij deze avond groepsgewijs hebben gesteld.

Achter de schermen gebeurt van alles, vele gesprekken en vergaderingen zijn geweest en staan gepland. Op dit moment zijn we aan het onderzoeken wat van toepassing is voor ons dorps huis, denkend aan een pachter, beheerder of misschien kunnen we het ook met vrijwilligers gaan doen. Kortom er gebeurt veel.

Wat ook naar voren kwam deze avond is dat we er niet alleen voor staan, vele mensen willen met ons mee denken. Op het moment wanneer dit nodig is krijgen deze personen een uitnodiging van ons.

We houden u op de hoogte over de voortgang van dit traject.

Wanneer u dit leest en denkt, ik heb hier goede ideeën over. Laat het ons weten.

De Lokaal vereniging

Wouter Rozema, Hendrik Postma, Tryntsje Dijkstra, Yde Groenhof, Halbe Hielkema en Annie Veldman

TYPYSK WIEP

Nei it grutte sukses fan ús reiske Enkhuzen, stiet no op de planning in middei nei de orchideeënhoeve yn Luttelgeest.

Tiisdei 13 desimber sil dit wêze.

We geane om 13.30 oere fuort.

De kosten foar dizze middei binne €12,00 ,dit is incl kofje mei gebak.

Geane jim wer mei? Lit my dit dan foar 5 desimber witte.

We meitsje der mei syn allen wer in moaie middei fan.

Groetnis Wiepkje Holtrop

0514 571310 – 0610547123 - wiepkjeholtrop@live.nl



IT HIMD FAN IT GAT

Ik ha fan Simon syn plannen heard om in skoftke nei Ny Seelân te gean en it liket my leuk om him noch te ynterviewen foardat hy nei de oare kant fan de wrâld ferhuzet. Dat kin om Simon wol en we prate ôf op in sneontemiddei. Net by Simon syn âlden thús, mar by de famylje Bekedam! Dy binne mei de húshâlding op fakânsje en Simon húswarret dêr salang. Sa te sjen befalt it him bêst. Simon hat yn 'e holle dat dit syn lêste wykein hjir is, mar is der noch net oer út wannear 't hy no krekt fuortgean sil. Ik bin benijd.....



Wêr bist berne?

Ik bin 22 jier lyn yn Snits berne. *Simon is de twadde soan fan Jan en Sietske Strampel en wennet noch by syn heit en mem.*

Watfoar oplieding hast dien?

De lêste en eins ek de ienichste is Psychology yn Grins. *Wat kinst mei sa 'n oplieding?* Dat is no sa lekker skimerich: do kinst der fan alles mei wurde.... Úteinlik kinst der dus neat mei.

Mar no noch net oan it wurk?

Nee, de planning is om earst 9 moannen te backpacken yn Ny Seelân. Ik gean der allinich hinne, sûnder in organisaasje. Fansels ha ik der wol nei sjoen, mar ik wol it graach allegear sels regelje. Yn de tiid dat ik dêr bin komme myn broer Hindrick en syn freondinne dêr ek. Fansels treffe wy elkoar dan ek efkes.

En ast dan werom komst?

Dan sil ik wer in stúdzje dwaan. Ik ha ris wat lêzen oer Miljeupsychology en dat liket my wol wat ta. *Wat moat ik my dêr by*



foarstelle? As psycholooch moastst miljeuprojekten ferkeapje oan de minsken. Troch undersyk en manier fan oanbieden moastst der foar soargje dat minsken it idee oantreklik fine. De oplieding duorret in jier en giet oer miljeu en sosjale psychology en dat fyn ik beide wol leuk.

Woest soks as bern ek wurde?

Froeger woe ik earst akteur wurde, doe militêr, dêrnei plysjeman en sa wiksele it hieltyd. Dat wie doe sa en eins no ek noch wol. Ik bin der noch net hielendal oer út wat ik wurde wol.

Hast ek hobby's?

Ôfprate mei freonen. Dêr helje ik in soad plesier út.

Wêr meie se dy midden yn 'e nacht foar wekker meitsje?

Kofje! Dan bist fuortendaliks ek goed wekker!

Wat fynst in prachtich boek?

Foarhinne fûn ik psychologyske boeken prachtich, mar neidat ik de oplieding dien ha fyn ik der neat mear oan. Der binne twa skriuwers dêr't ik de boeken geweldich fan fyn. De iene is in Spanjaard Carlos Ruiz Safon en dy skriuwt romans, mar dy binne sa skreaun dat ik no eins noch net hielendal begryp hoe't it ferhaal ynelkoar stekt. En de oare is Ravelli.

Hokker tv-programma of film fynst hiel moai?

Ik sjoch de lêste tiid net safolle televyzje mear, mar "How I met your mother" fyn ik wol hiel leuk. Eins alles wol wat op Comedy Central is.

Nei watfoar muzyk lústerst graach?

Lit my daliks mar begjinne mei de bêste, dat is Douwe Bob! Dizze moanne ha ik noch nei in konsert fan him west, mei myn maten Steffen en Marten. Yn prinsipe hie ik fanôf septimber al nei Ny Seelân kinnen, mar ik wist dat Douwe Bob yn de Harmonie yn Ljouwert komme soe en dat is de reden dat ik no hjir noch bin. Oars hie ik al earder fuort west.

Wat is dyn favorite fakânsjeplak?

Dan moat ik fansels wol Ny Seelân sizze en Jamaica! Yn it lêste lân ha ik noch noait west, mar dêr soe ik wol graach ris sjen wolle. *Yn gedachten sjoch ik Simon dêr al sitten mei in dikke sigaar yn 'e mûle.*

Soe it Frysk oer 100 jier noch bestean?

Fansels, myn bern prate skylk Frysk!

Wêr soest net sûnder kinne of wolle?

Kofje!

Wat soest noch graach ris dwaan wolle?

Ik soe noch wol ris dûke wolle, mar wa wit doch ik dat yn koarten wol yn Ny Seelân!

Fansels dwale wy hieltyd ôf nei Ny Seelân, Simon sit der no hielendal fol fan en ik fyn it ek wol leuk om te hearren.

Hast al wat in planning yn de holle?

Ik bliuw earst in skoftke yn de haadstêd Auckland, benammen om wat offisjele saken te regeljen sa as in bankrekken iepenje en in belestingnûmer oanfreegje. As ik dan oan it wurk gean, soe ik dat it leafst yn in bar dwaan.

Kinne wy dyn aventoeren ek folgje?

No miskien dat ik wolris in foto op Facebook set, mar fierders bin ik net it type om in hiele “reisblog” by te hâlden.

Watfoar iten meist graach siede?

It leafst in pasta of in Aziatysk gerjocht. It maklikst fyn ik “eenpans”gerjochten. Dan hast ek net safolle ôfwask.

Wat fynst de moaiste tiid fan it jier?

Dat fyn ik miskien noch wol de dreechste fraach fan allegear. Earlik sein, kin ik net kieze. It leit foar de hân om de simmer te kiezen, omdat je dan lekker bûten sitte kinne en fan de waarmte genietsje kinne. Mar dêrom is de simmer net moaier. Fan de oare seizoenen kin ik eins like folle genietsje.

Hast ek noch wat ta te heakjen oan it ynterview?

No eins neat.

We prate noch wat nei oer syn plannen en dan set ik wer ôf. Simon moat ek noch húshimmelje , want de famylje Bekedam komt moarn wer werom fan harren fakansje.

Simon in moaie tiid yn Ny Seelân tawinske en tanke foar it ynterview!

Hedwig

PLESTIK LEAGENS

Marleen en Peter binne al 15 jier troud. Peter, haadkondukteur by de Spoarwegen, is hielendal gek fan treinen en modelspoarbanen. Hy hat op souder syn eigen samling en dêr komme, nei elke treinbeurs dy' t hy besiket, wer nije treinen by. Marleen hat der hielendal neat mei en komt tafallich de knappe Richard tsjin. Marleen wol fan Peter ôf mar hoe docht se dat? Se betinkt in plan; freondinne Linda en har freon Sjaak moatte it spultsje meispylje.

Fia Relaasjeplanet hat se twa froulju útsocht, Bernadien en Anoeska, dy' t mooglik better by Peter pasje. Mimi, de oan alkohol ferslave mem fan Peter, komt ek noch oan, mar dy mei fansels fan neat witte. De iene leagen folget op de oare.

Hoe't dit ôfrint?

Jim kinne it sjen op sneon 17 maart '18 yn it Doarpshûs fan Nijemardum. De toanielklup hopet it dan foar jimme te spyljen. Set it alfêst mar op de kalinder.

De toanielklup

VUURWERKSHOW

In navolging op het succes van vorig jaar organiseert dorpsbelang Nijemardum in samenwerking met de feestcommissie op 1 januari 2018 om 00:30 uur weer een spetterende vuurwerkshow bij de familie Wildschut op de Lyklamawei 16. Onder het genot van een drankje, met of zonder alcohol, kunt u elkaar een gelukkig en gezond nieuwjaar wensen. Met als extra dimensie een spetterende vuurwerkshow! U kunt hiervoor een vrijwillige bijdrage geven door uw donatie over te maken op bankrekening NL30RABO0305244159 van het dorpsbelang onder vermelding van VUURWERK! Of u kunt uw donatie op 1 januari ter plaatse in de daarvoor bestemde bus doen.

Laten we er weer een mooi begin van 2018 van maken!

Feestcommissie en dorpsbelang



WA BIN IK ?

It riedsel fan foarige moanne wie blykber net sa dreech, allinnich mar goede antwurden.


Op de foto sjogge wy Walte Veldman as twa jierrich jonkje drok dwaande yn de boarterstún fan Appelskea. Mem Marijke hat alles moai byholden yn it plakboek sadat we witte dat it july 1988 is.

As ik oan Walte tink dan tink ik oan fuotbal, want bûten syn Annie en harren beide jonkjes om is dat syn grutte passy. Doe't ik him frege wannear't hy oan de Lyklamawei kaam te wenjen sei er direkt "ja dat wit ik noch goed, dat wie mei it WK fuotbal yn juny 2014!

Walte reizget foar syn wurk op en del nei de Polder dêr't hy wurket as "service engineer", in berop dêr't je in soad by op itselde plak omspane. Dan is it fansels mar wat moai om je enerzjy op it fuotbalfjild kwyt te reitsjen, en net te ferjitten in baltsje te traapjen mei de beide lytse mantsjes.

It is foar Walte net te hoopjen dat se mei de tiid te fiskjen wolle.

De sûkerbôle is dizze moanne foar: Annemien Hendriks. Lokwinske!



Dan no wat oars: omdat de oanfier fan de bernefoto's wat werom rint ha wy as redaksje betocht om foar ús nije rubryk: **WER IS DIT?** foto's te brûken fan bygelyks in part fan in gebou, hûs of hiem yn Nijemardum, dat fan 'e dyk ôf te sjen is. It sil yn elts gefal wat wêze dat foar in elk dy't de eagen goed de kost jout net te missen is. We sille it jimme net te dreech meitsje.

En omdat we it der no dochs oer ha begjinne we daliks mar mei in foto fan?



Binne jimme der út ?

Belje gau nei nr. 571889 of stjoer in mail nei:
redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Dat kin oant en mei kommende tiisdei.

Jantsje

OALJEKOEKEN

Jimme rekkenje der tink wer op dat wy oaljekoeken bakke op âldjiersdei. No, dan binne jim in dei te let want wy bakke dit kear op sneon 30 desimber!

Wy bakke wer efter de eardere slachterij op Lyklamawei 49; gean gewoan mar wer op de lucht ôf.

Jo kinne dêr terjochte fan 9 - 12 oere. Wy bakke wer foar it goede doel. Wat it goede doel is, dêr binne wy no noch net út mar wy meitsje it dan wol buorkundich.

Kosten: 10 oaljekoeken foar 6 euro.

Binne jo net mear sa fluch of leit der in meter snie? Hinderet neat, wy besoargje FERGEES!

Om der wis fan te wêzen dat jo dy deis oaljekoeken ha, kinne jo se fan te foaren bestelle. Dat kin troch it strookje hjirûnder yn te leverjen op Lyklamawei 23, 49 of 61 of Hege Bouwen 1. Mar skilje kin ek fansels: 571855, 571310, 571955.

Oant sjen!

Freark, Boâke, Wieger, Wiepkje en Coby



Namme:.....

wol graach oaljekoeken mei rezinen/krinten

wol graach oaljekoeken sûnder rezinen/krinten

Ik helje se sels wol/net op.


Bestelle graach foar 27 desimber! HOE MEER OLIEBOLLEN, HOE MEER VREUGD!

SNEEUW



De eerste vlokken sneeuw zijn weer gevallen. Nee, nog niet bij ons maar dat kan zomaar anders zijn als we Piet Paulusma mogen geloven. Terwijl ik dit stukje schrijf is Paulusma voor Omrop Fryslân en heeft het over “natte sneeuw” in het weekend, als u dit leest gaat het over vorig weekend. Nu kan natte sneeuw ook glad zijn maar meestal is het ook snel verdwenen en daarom is strooien van zout nog niet aan de orde, laat staan het schoonvegen van de stoep of het pad naar de voordeur of brievenbus. Dit wordt anders als er droge sneeuw gaat vallen want deze sneeuw blijft liggen tot de temperatuur weer boven nul wordt. Om niet te wachten tot de temperatuur boven nul komt kunt u een handje helpen door zout te strooien of de sneeuwschep te pakken. Dit doet u niet alleen voor u zelf maar zeker voor bezorgers van allerlei goederen. Vaak kleine moeite, alvast bedankt!

Dorpsbelang Nijemardum



*Wat no Swarte Pyt
in slaaf. Twa wiken
oan it wurk en de rest
fan it jier yn Spanje.
By de measten is it krekt
oarsom.*

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Rintsje Draaijer	Agrarische Dienstverlening Draaijer
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Arjan Hendriks	Garagebedrijf Hendriks
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorps huis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

22, 23, 24 desimber	:	Nijemardumer biljarttoernoai
13 desimber	:	Typysk Wiep nei de Orchideeënhoeve
30 desimber	:	oaljekoekenferkeap
1 januari 2018	:	Vuurwerkshow
16 maart 2018	:	100-jarig jubileum “De Laatste Eer”
17 maart 2018	:	Toaniel
30 juny 2018	:	Kleintje dorpsfeest

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op woansdei 27 desimber 2017

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 19 desimber 2017

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com